


DE TILLE

Moanneblêd fan it Frysk Selskip
"FRYSK EN FRIJ" te Hilversum



Port betaald
Port payé
Baarn

ôfstj.
A.R. Koopmans-Nieuwland
Lindenheuvel 14
1217 JX Hilversum

Gearstalling Bestjoer

Frysk en Frij Hilversum (KfK Hilversum, nûmer 32126908)

- foarsitter** : J. Kooistra 035-6218626
+ ledeadm. Lutherhof 102, 1216 KV Hilversum
e-mail: gurbe@xmsnet.nl
- skriuwer** : A.R. Koopmans-Nieuwland 035-6249624
Lindenheuvel 14, 1217 JX Hilversum
e-mail: kritehilversum@gmail.com
- ponghâlder** : J. Koopmans 035-6249624
Lindenheuvel 14, 1217 JX Hilversum
Rekkennûmer **NL79 INGB 0000 2422 62**
o.n.f. **Frysk en Frij Hilversum**
- alg. adjunkt** : W. Triemstra 035-6833889
V.d.Sande Bakhuijzenstraat 102, 1223 CZ Hilversum
e-mail: triwa@hotmail.nl
--
- boekeferkeap** : J. Conradie-Groenhof 035-6234733
Banckertlaan 163, 1215 PZ Hilversum
- iterij** : Bestellingen trochjaan oan:
Jan Kooistra, tel. 035-6218626
(graach uterlik ien wike foarôfgeand oan 'e kritejûn)
--
- Eareleden:**
earefoarsitter: S. Haagsma, De Doppen 21, 8401AG De Gordyk
earelid: H. van Duinen, De Jouwer



Lokkich Nijjer

foto: dirk van dijk

Fan de foarsitter

Sa't it de lêste jierren wenst is begjinne we ek no mei in foto makke troch ús printer fan 'e Tille: Dirk van Dijk. Hy hat ús wer ien fan syn moaie winterske foto's taskikt. Oan jimme de útdaging om ris út te sykjen wêr 't dizze foto nommen is. Ik wol jimme diskear ek wolris oan it wurk sette, want ik kin net sizze dat de redaksje altyd bedobbe wurdt ûnder skreaune stikken en ferslaggen foar de Tille. It hie no oars sa moai west om't jimme no mar in lyts Tiltsje fan acht siden ûnder eagen krije. It hat tige swier kealle om oan it ein fan it jier in Tille op priemmen te setten. It

is krekt oft sa'n lêste moanne fan it jier jo samar út 'e hannen glydt. Foar't jo it witte binne de krystdagen al wer foarby en komt ús earste kritejûn yn it nije jier rap tichteby. Doch wol ik even werom komme op ús lêste kritejûn fan ein novimber. It toanielselskip Fjoer brocht in moai en bytiden oangripend 'Hjerst' foar it fuotljocht. Reden te mear om harren wer ris te freegjen. Mar earst sjogge wy foarút nei ús nijjiersbesite-ite-en-kritejûn op **freed 10 jannewaris 2020** fan 17:00 oere ôf. Jou jimme no fuortendaliks even op. Oant dan!

Jan Kooistra



Lokkich nijjer !



nûget jimme allegearre út op

Freed, 10 jannewaris 2020

yn de Brasserie fan
"Nieuw Kerkelanden"
Franciscusweg 137
1216 SB Hilversum

fan **17:00** oere ôf **Nijjerjen** mei in hapke en in drankje

om **18:00** oere: **Mienskiplik** stampot/hutspot **miel**

om **20:15** oere: **Ledegearkomste** mei de jierstikken oer it ôfrûne jier

Wurklist:

1. Iepening
2. Ynkomen stikken
3. Jierferslach fan de skriuwer
4. Ferslach ponghâlder oer it boekjier 2018-2019
5. Ferslach rekkenopnimbers
6. Beneaming fan nije rekkenopnimbers
7. Begrutting foar it boekjier 2019-2020
8. Bestjoerssaken
9. Omfreegjen
10. Slute

Nei de ledegearkomste ferlottsje wy wer in tal moaie prizen en pryskes.

Om't wy de middeis al om fiif oere begjinne, wolle wy it de jûns net te let meitsje. Dêrom hat it bestjoer tocht om nei de ferlotting ús earste kritejûn yn it nije jier rom **foar tsienen** ôf te sluten.

Opjefte foar it **miel** graach **sa gau mooglik** (yn elk gefal **foar 7 jannewaris**) by ien fan it bestjoer.

Tagonqspriis: € 15,00 (it iten en de drankjes ynbegrepen)

Us oare kritejûnen yn it winterskoft 2019-2020

Sneon 15 of 22 febrewaris 2020

Toaniel of kabaret

Freed 27 maart 2020

Grytsje Kingma

--

Fierders is elkenien ek tige wolkom

~ op **sneon 8 febrewaris** by 'Meiinoar Ien' yn Hurderwyk.

Dan komt it 'Akkrumer Dream Theater' mei it ferfolch op it earder spile stik "Mutsen". Neiere ynformaasje op telefoannûmer 0341-559343

~ op **sneon 15 febrewaris** by it selskip 'Mei Inoar Ien' fan Utert, Seist e.o.

Yn de Noorderlichtkerk te Seist is dêr in **middei** oer Sint Piter
Neiere ynformaasje op telefoannûmer 0347-320093

~ op **sneon 15 febrewaris** by de 'De Sékrite' yn Lelystêd.

Jûns komt it Toanielselskip út Jobbegea mei it stik "*It deiboek fan Tinus Teckel*" yn Theater Posa.

Neiere ynformaasje op telefoannûmer 0320-412444

Keatsferiening "Melle Veenstra"

Nijjiersresepsje

Sa't jimme dat fan ús wend binne, kombinearret Keatsferiening "Melle Veenstra" har nijjiersresepsje mei it spulstje 'petanque'.

Petanguelub "De Gooiers" stelt opnij har akkommodaasje yn it *Boulodrome* beskikber op it adres: *Het Jagerspaadje 34, 1231 KJ Loosdrecht*.

Wy organisearje dizze winteraktiviteit alwer foar it 21e jier en dat wurdt altyd tige wurdearre. Elkenien is op **freed 17 jannewaris** om **19.30 oere** fan herte wolkom. De kosten berinne € 10,-- p.p., ynkl. kofje, taartsje, in drankje en it gebrûk fan de jeu-de-boules-ballen.

Deskundige lieding is oanwêzich wannear't jo de spulregels miskien net witte.

Hawwe jo sin om te kommen, **nim dan foar 14 jannewaris kontakt op** mei Cees Punter, telefoan 035-6236729 of e-mail: kvmelleveenstra@hotmail.com

Oare ynformaasje kinne jo ek fine op ús webside: www.melleveenstra.nl



It presintsje

I

Hy luts it laadsje iepen,
It jonkje bearde sa;
Hy seach it horloazje lizzen:
"Toe pake, mei ik it ha?"

"Do silst it fan my hawwe,
Faaks oankomme jier wol, bern,
Ast goed learst en net stout bist;
Wy moatte mar ris sjen...."

"Oankomme jier?" frege it jonkje
"Mar pake is sa âld al en kin
Wol earder deagean ommers,
Want pake wurdt sa min...."

D' âld man stie in skoftke to tinken
En hy tocht: "Ja, 't is wier...."
En syn fine fingers gongen
Troch 't jonkje syn krol'd'rich hier.

Hy krige it sulv'ren horloazje
En 't swiere ketting derby
En lei s' yn 'e iepene hantsjes:
"It komt fan jim heit noch," sei hy.



II

Der wie in lyts grêfke groeven,
De skoallebern stiene yn 't rûn.
In âld man bûgde mei lijen
Ien knibbel noch nei de grûn.

It koele wyntsje boarte
Wat mei syn sulv'rich hier;
It smelle kistke dat sakke:
Earm jonkje, sa ier, sa ier....

Hy stroff'le werom nei syn wente,
D 'âld pake, en gûlde sa fel,
En lei it sulv'ren horloazje
Yn 't âlde laad wer del.

Op 'e legere skoalle yn ús doarp wie it wenst dat der elk jier in foardrachtkriich holden waard troch de bern út 'e seisde, heechste klasse. Soks barde dan altyd yn 'e lêste wike fan it skoaljier. Doetiids begûn it nije skoaljier noch op 1 april.

Der waard faak in foardracht keazen út ien fan de foardrachtbondels.

Sa fûn ik lêstendeis op 'e souder de bondel 'Ryp en Grien' :foardrachten foar it jongfolk. Gearbrocht troch D.A. Tamminga en útjûn troch Fa. A.J. Osinga te Boalsert yn 1946. Ien fan de bekendste foardrachten dêrút wol ik jimme net ûnthâlde: It Presintsje. Skreaun troch J.K.Dykstra (nei it Flaamsk)

Jan Kooistra

Ynformaasje oare ferienings en organisaasjes

Keatsferiening "Melle Veenstra"

foarsitter : Cees Punter
Neuweg 179, 1214GP Hilversum 035-6236729
e-mail: c.punter@wxs.nl
skriuwer : Marinus Grond
e-mail: kvmelleveenstra@hotmail.com
webside: www.melleveenstra.nl
ponghâlder : Anneke Wijnalda - van der Kooye
Duizendknooplaan 51, 3452AT Vleuten 030-8893764

"It Frysk Boun om Utens"

skriuwer : Kees van der Beek
Beemdweg 29, 3852 XC Ermelo 0341-559343
e-mail: skriuwerfbou@fryskbutenfryslan.fr!
webside: www.fryskbutenfryslan.fr!

"Selskip foar Fryske Tael en Skriftekennisse"

skriuwer : Geeske J. Frieswijk, (e-mail: selskip1844@gmail.com)
korrespondinsje adres :
Tineke van der Woude, Moezel 222, 9204 EM Drachten

OANMELDE BY IT BOUN

It Frysk Boun om Utens hat yn 2023 100 jier bestien. Om dit fiere te kinnen, wolle wy graach safolle mooglik Friezen berikke. Net allinnich leden fan it Frysk Boun, mar ek famylje fan ús leden en alle Friezen om Utens dy't it Frysk en Fryslân in waarm hert tadrage.

Jo kinne jo opjaan as email-stiper fan it Frysk Boun om Utens. It is fergees. As jo dat wolle, moatte jo jo namme, jo e-mail adres, jo wenplak en jo âldens opjaan fia ûndersteand webstek fan it Frys Boun om Utens:

www.fryskbutenfryslan.fr!

Special adres voor: Gerilde Omjiekoken

DE HAAN'S BAKKERIJ

De versta Bakker
in Sneek en
Zij dichtbij.

HOOGENDE 15 SNEEK TEL. (0515) 41 34 87

FRYSK EN FARSK YN 'E PROVINSJE EN ENS TROCH IT HELE LAN JO BINNE TE PLAK BIJ DE HAAN'S BAKKERIJ YN SNITS HEECHTEN IS FUORT BY DE WETTERPOARTE